

De beam fan de stilte draagt de frucht fan de frede

1965-2015

50 JIER!

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



Fytse foar bou skoalle yn Kenia

Mei yn fytstocht fan sânhûndert kilometer nei Parys jild ynsmamelje foar Doch Dyn Dream

pagina 3>



Droechswimme op skoalle yn Wommels

Liesette Bruinsma fertelt bern fan It Fûnemint oer har ambysjes om de bêste fan de wrâld te wurden

pagina 5>



Famkes Berltsum yn de krânsen

Pupillenpartoer fan Reahûs-Turns komt op NK keatsen krekt tekoart

pagina 7>

Jubileum KF Boazum mei in gouden rânstje



De froulju fan it kampioenspartoer makken yn in iepen cabrio in rûnrit troch Boazum. Foto: Bouwe Jan Bouma

Boazum - Mei it Nederlânsk kampioenskip fan it frouljuspartoer krige it jubileum fan de Keatsferiening Boazum in gouden rânstje. Op sneon 20 juny keatsen de susters Nynke en Wiljo Sijbrandij en Nellie Rijpma harren yn St. Anne yn de krânsen.

Troch Hinne Bokma

Boazum hearde al by de favoriten. De ôfrûne trije jier behelle it frouljuspartoer fan Boazum op de bûnspartij twa tredde prizen (2012 en 2014) en in twadde priis (2013). Mei Wiljo efteryn it perk, Nynke as foarynse en Nelly bûten it perk wie it partoer dizze kear net te ferslaan. Yn de earste omloop waard Grins mei 5-1 en 6-4 nei hûs stjoerd, yn de twadde omloop waard mei 5-2 en 6-0 wûn fan Reduzum en yn de tredde omloop moast it partoer fan Wommels op de stân fan 5-2 en 6-4 belies jaan. Yn de heale finale waard Ljouwert ferslein mei 5-2 en 6-2 en yn de finale krige tsjinstanner Frjentsjer (Nicole Hempenius, Maaïke Osinga en Manon Scheepstra) net ien buorstsje oan de

tillegraaf. It waard 5-0 en 6-0 foar Boazum. In tredde priis wie der foar it partoer fan Easterlittens, dat bestie út Ellen Jorritsma, Margriet Bakker en Annelien Broersma. Nei winst op Mantgum (5-1), Bitgum (5-3) en Grou (5-3) wie Frjentsjer yn de heale finale te sterk foar Littens. De einstân wie 5-0 en 6-2. Mei Nynke en Wiljo Sijbrandij en Nellie Rijpma hie Boazum foar it earst yn har bestean in kampioenspartoer yn hûs. Suksesfol hat de keatsferiening yn de ôfrûne fyftich jier nea west. Yn de jierren tachtich fan de foarige ieu behellen Ritske de Graaf en de broers Hillebrand en Gerard Breuker op de bûnspartij yn Frjentsjer in fyfde priis.

len minút winkelje foar 679,79 euro

Wommels/Easterein - By de feiling fan SDS ten bate fan it nije kunstgersfjild wie Sipke Hiemstra út Easterein de keaper fan 1 minuut fergees boadskipje by de Jumbo yn Wommels foar een bedrag fan 240 euro. Grutte fraach wie fansels as dit wol as net útkoe. Oan fergees boadskipje sitte nochal wat (wettelijke) betinksten. Gjin alkohol, tabak en babyvoeding en fan elk produkt mei der mar ien eksemplaar yn 'e karre. No woe bedriuwslieder Bertus Procee fan Jumbo Wommels Sipke wol temjitte komme troch ta te stean dat soan Pytrik de boadskipkarre triuwe mocht en ek mochten beide produkten yn de karre smite. Oan de tarieding soe it net mankeare, oant trije kear ta wie de ideale route bestudeare en op tiisdeitemoarn om healwei njoggenen gong it los. Mei faasje smiten beide mannen de boadskippen yn 'e karre en nei 60 sekonden wie it ho! By de kassa koe it totale bedrag opmakke wurde en wier, yn 1 minuut kamen de beide mannen ta 679,79 euro. Dus tige op skik koe it spul yn de auto laden wurde en koe men thús noch ris sjen wat it allegearre wurden wie, want al is de planning noch sa goed, yn de praktyk rint it dochs faak oars.

Skoalfamkes Foareker wer kampioen

Easterein - Foar it twadde jier efterinoar hawwe de famkes fan de Foareker út Easterein it skoallekeatsen foar legere skoallen yn Fryslân wûn. Nynke Paauw, Roelie en Corrie Kroondijk kamen mei de krânsen thús. Op it terrein fan LKC Sonneborg yn Ljouwert wûnen se yn de earste omloop fan Anjum mei 5-2 en 6-6. Yn de twadde omloop waard Wytmarsum mei 5-1 en 6-4 nei hûs stjoerd en yn de heale finale waard wûn fan it skoalfamkespartoer fan Dronryp (5-1 en 6-0). Yn de finale keatsen se tsjin Wietske de Jager, Anne Baukje Altenburg en Trudy Hoekstra fan Reahûs. De einstân wie 5-3 en 6-2.

Spulwike Littenseradiel mei 570 bern

Easterlittens - Yn Littenseradiel stiet de earste wike fan de grutte fakânsje al jierren yn it teken fan de Spulwike. Nije wike giet it wer oan. Sa'n 570 bern fan de basisskoallen hawwe harren dit kear opjûn. Dat binne der tritich minder as ferline jier. Om de bern te fermeitsjen komme der sa'n 130 liederen yn aksje. De bern fan de groepen 3 en 4 binne te finen yn Easterwierrum, de groepen 5 en 6 geane nei Easterlittens en de groepen 7 en 8 meie nei Weidum. It tema is dizze kear 'Op reis'.

Geke Venema in actie tijdens Frysmen

Easterlittens - Geke Venema uit Easterlittens is komende zaterdag 4 juli in Skarl in Gaasterland een van de favorieten van de triatlon Frysmen. De Frysmen, de naam is bedacht met een knipoog naar de beroemde Ironman op Hawaï, is een van de drie volledige triatlons die dit jaar in Nederland worden gehouden. Dan gaat het om 3,8 kilometer zwemmen, 180 kilometer fietsen en de marathon (42 kilometer en 195 meter) hardlopen. Venema won een paar weken geleden een triatlon in Denemarken. Ze is geboren en getogen in Skarl. De duursportster uit Easterlittens is een van de vier vrouwen, die zich wagen aan de monsterklus in Gaasterland. Een van de organisatoren van de Frysmen is Tsjard Hofstra uit Wommels.

Simmerjûnkonstert Euphonia



It harmonieorkest Euphonia joech op freedtejûn 26 juny in simmerjûnkonstert op It Ald Hiem yn Wommels. It orkest makke in ûntdekkingsreis troch de romte. Euphonia stie ûnder lieding fan Rolf Verbeek. Ek it jeugdorkest, ûnder lieding fan Jeroen Oosterwijk, kaam yn aksje. Foto: Henk Bootsma

NIEUW BEZOEKADRES!

Medisch- en oncologisch
voetzorgverlener

Uw voeten in goede handen

www.pedicurepraktijkclara.nl

De Wide Hoeke 12
Mantgum
M 06 - 55 56 44 08
T 058 - 251 93 78

**Creëer
waanzinnige
kunst**

Kom naar de gratis
Zentangle demonstratie bij
warenhuis Van der Velde
in Wommels

Zie pagina 8

Niet lekker in je vel?

www.sinneflecht.nl

058 2894904

Simmerstip Sale

1 artikel 20%
2 artikelen 30%
3 artikelen 40%

VAN DER VELDE
SLAAPCOMFORT | MODE | TEXTIEL

TSJERKEBUORREN 16, 8831 XH WINSUM (FRL), TEL. 0517 341 268
WWW.UWVLAAPSPECIALIST.NL | PARKEREN VOOR DE DEUR | VRIJDAG KOOPAVOND

**SPORTCENTRUM
VAKKERMANS**

zie flyer in
deze Skille!

10 jaar

AANMELDEN VOOR 8 JULI
4
MAANDEN SPORTEN A €10,-